


# KRYPTOGRAM 230a



## Horizontaal

- 1 Neffens de etikette is it gewoan (3,5,2) (10)
- 6 Wurdt betrape yn de Tour de France (4)
- 10 Meteropnimmer dy 't lêst hat fan broslivichheid (6)
- 11 Professor yn de psychiatry (8)
- 12 Grûnstof foar Vermouth en bier (4)
- 13 Hjirynt kin men gedachten lêze (10)
- 15 Kring mei twa Fryske lichemsdielen (7)
- 18 Drinkt mei in hantlanger tee yn Warten (7)
- 19 Dat is net niks (3)
- 20 Sprekt goller in nij fleske oan (7)
- 21 Fret sa te hearren ek beferzen kadavers (7)
- 24 Docht in bemanningslid fan in skipperskoar (10)
- 26 In fûgel heart proai te sykjen op it boulân (4)
- 27 Lêste buorrel (8)
- 28 Dy giet de loft yn yn de turnseal (6)
- 29 In Frysk famke fan njoggen jier yn Londen (4)
- 30 Negative befêstiging (10)

## Fertikaal

- 2 Hja rydt yn 't wetter (7)
- 3 Sammelbist (7)
- 4 Daliks ferskynt de satan (5)
- 5 Halssieraad foar in breidspear op de fyts (11)
- 7 Mei in minyrokje (2,2,5) (9)
- 8 Spa oan it strân (9)
- 9 Ungesond as men in snaak is (8)
- 14 Fartugen fan jonge piraten (11)
- 15 Starter en jager (9)
- 16 Mynwurkersljochten (9)
- 17 Oanknopingspunten foar de minima (8)
- 22 De blommen dy 't wy foar eagen hawwe (7)
- 23 Sa bûtengewoan kin in ûnthâld wêze (7)
- 25 Allerleste (5)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 11 - 7 - 27 - 5 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei [denksport@lc.nl](mailto:denksport@lc.nl), ûnder fermelding fan **Kryptogram 230a**. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 230a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **9 maaie** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekebon t.w.v. €15,-** ferlotte.



## Kryptogram 229a:

Plaknamme:  
**LIES**  
Winner Boekebon:  
Minne Veninga, Tytsjerk

## LEEUWARDER COURANT

26-04-2024